

# Ingezonden

(Over ingezonden stukken kan niet worden gecorrespondeerd. Ze kunnen ook niet worden teruggezonden. Anonieme inzendingen of stukken zonder duidelijk adres van de inzender worden niet in behandeling genomen. De redactie behoudt zich altijd het recht voor de stukken in te korten. De maximale lengte is als regel 400 woorden. Red. LC)

## It perspektyf fan in deputearre

Johanneke Liemburg ferdigene yn har Te Gast fan 20 jannewaris de beide yn Fryslân ferskinende deiblêden. Dat is hiel aardich fan har, al trapet se mei dat ferhaal wol in hiele seary iepen doarren yn. Minder aardich is dat se foar dy ferdigening ferlet hie fan in oanfal fan bûten. En dy oanfal kaam neffens har út myn Te Gast fan 15 jannewaris. Ik soe „Ljouwerter en Deiblêd sjen as de grutskalige bedriging foar it lytse Frysk en Frij”. Ik ha dat by myn witten net skreaun noch suggerearre, en dy oanfal liket dus mear in eigen fynst fan de deputearre te wêzen.

Fansels is it moai dat der yn Fryslân twa deiblêden útkomme en dat dy no noch allebeide - ûnôfhinklik fan inoar - besteane. Mar de blydskip dêroer betsjut net dat wy no Frysk en Frij ek mar op dat alter offerje moatte, dat earst Frysk en Frij opheven wurde moat („De Provinsje moat earst mei Frysk en Frij rêde”, seit de deputearre dy't sa'n nocht hat oan regeljen), en dat dêrnei in nij frysktalich wykblêd ûnderbrocht wurdt moat by de Friese Pers en/of de Provinciale Persvereniging. Want dan soe der neffens my al in gefaarlike sitewaasje ûntstean (sjoch ek myn artikel yn Frysk en Frij fan 23-1-1988).

Dêrby docht it minder ta de saak of de útjouwers fan de deiblêden yn guon opsichten mear of minder idéalistysk binne as de minsken fan Frysk en Frij. De praktyske fraach is gewoan of posysje en doelstellingen fan dy útjouwers it wierskynlik meitsje dat it ynkorporearjen fan „Frysk en Frij” yn har bedriuw(en) goed of ferkeard útpakke sil foar sa'n frysktalich wykblêd. Dat saaklike punt ha ik yn myn stik oan 'e oarder steld, en no't de deputearre dochs it sjoernalistike paad opgien is mei har politike plannen, hie se eins better yngean kinnen op wat ik al as op wat ik nêst sein ha.

Oan Johanneke Liemburg te begripen ha ik in aardich romantysk byld ophongen fan it idéalisme en it frijwilligerswurk by Frysk en Frij. Du wurden komme yn myn stik nammers hielendal net foar, en dat is net tafallich. Mei de selswurksomens oan de basis dy't ik priizge ha yn Frysk en Frij, bedoel ik it wurk dat oan de basis ûntstien en opboud is, likefolle of it dêrby giet om betelle redakteuren, om wurkleazen dy't frijwilligerswurk dogge of om minsken dy't bydragen leverje oan ynhâld en organisaasje njonken har oare wurk of by har pinsjoen.

**Mar de beheining fan it begryp ta wurkleaze frijwilligers wie foar de deputearre in moaie oanfrin om de besteande redaksjonele tradys-**

je fan Frysk en Frij foar ûnmooglik en net-besteand te ferklearjen. De konsekwinsje fan dy stelling fan de PvdA-deputearre is nammers wol dat de ynset fan wurkleaze frijwilligers foar strukturreel „net-rindabele” ynstellingen yn it algemien net winsklik is en dat yn sokke gefallen subsydjes foar dy ynstellingen dêrom better trochskood wurde kinne nei de kommersjele sektor. Dat soe en foar it Frysk en foar de posysje fan wurkleaze frijwilligers wolris fiergeande gefolgen ha kinne.

Inkeld mei „in beropsmjittige oanpak” kinne de lyts fjouwerhûnderttûzen Frysklêzers yn Fryslân berikt wurde, ornearret Johanneke Liemburg, en „dat bedoele wy mei kwaliteit”. En dêr is fierder foar nedich „mear jild as de Provinsje ea oan Frysk en Frij

besteege kin. As it betikken fan al dy minsken foar de „profesjonele” krante-útjouwers sa maklik is, freget met jin ôf w-erom't dat dan nea bard is. „Om't it útjaan fan in Frysktalich wykblêd noait út kin. Der moat jild by”, is it antwurd. Nei de foargeande grutspraak is dy konklúzje wat bryk, om net te sizzen in anti-klimaks. Wa't sa maklik fjouwerhûnterttûzen Frysklêzers berikke kin, dy kin dêr dochs wol lit ús sizze fjirtichtûzen abonnees útskuorre? En, om mei beide fuotten op 'e grûn te bliuwen: hoefolle lêzers hat de troch de Friese Pers oernommen Strikel der destiids mei dy „beropsmjittige oanpak” eins by krige?

Mei it min lêzen fan oarmans stikken, de nuveraardige definysje fan „kwaliteit” en de wondere riddenearringen is nammers noch lang alles net sein fan it sjoernalistike gastoptreden fan ús deputearre fan kultuer. Mar dêrfoar is de rûmte yn in ynstjoerd stik te beheind.

Oer Frysk en Frij is yn it hiele stik gjin inkeld bewyske fan in goed wurk te finen. Dêrby falt it op dat swijd wurdt oer de aktuele tastân fan Frysk en Frij fan dit stui, 1987-1988 sis mar. Is dat net fan belang foar in beslút dat yn 1988 nommen wurde moat? Efter de organisaasje dy't de deputearre fan Frysk en Frij hat, sit in dúdlike ôfwizing fan lytsskalich wurk oan de basis yn it algemien. Se kiest sûnder omwegen foar it kommersjele en „marktgerichte”.

Grou. **A. Feitsma.**

## Vreemde benoeming

In Witmarsum zijn onlangs sollicitanten opgeroepen voor de functie van bode-conciërge op het gemeentehuis. Hier kwamen 190 gegadigden op af. Onder die gegadigden waren veel mensen zonder werk en met een waarschijnlijk niet al te hoge uitkering. Nu heeft men uit al die mensen een keuze gemaakt. De keuze is gevallen op een niet-werkloze vrouw, van wie de man ook al een vaste baan heeft.

Dat voor deze functie een vrouw is aangesteld is prima, gezien de aard van het werk. Maar waarom nu juist iemand van wie de partner ook al een baan heeft een zichzelf gedeeltelijk? Waren er onder die 190 sollicitanten echt geen anderen, die ook wel in staat waren om dat werk te doen en die misschien op een minimum-uitkering of de bijstand zijn aangewezen? Is hier nu sprake van het nodig hebben van een kruiwagen of hebben de dames en heren die deze keuze gemaakt hebben zo'n plaat voor het hoofd?

In heel Witmarsum hoor je dan ook geen andere mening dan dat het ronduit schandalig is. Als je het mij vraagt verdient dit gemeentebestuur een dikke pluim voor wat betreft het beantwoorden van de vraag: „Hoe kwets ik een werkloze het meest.” Wat is met zo'n beleid de geloofwaardigheid van werklozen-projecten in deze gemeente nog?

Witmarsum. **H. Bootsma.**

## Nasleep ongelukken

Of de lezers het zich nog herinneren weet ik niet, maar op 9 september j.l. gebeurde er op de Waldwei een afschuwelijk ongeluk. Een motor botste frontaal tegen een auto die inhaalde. De 24-jarige Loes Bouwman overleed daarbij, de dertigjarige Hanneke Nota werd gewond in het ziekenhuis opgenomen. Die Hanneke Nota ben ik.

Vandaag las ik in de krant dat er alweer op dezelfde weg een zwaar ongeluk gebeurde door een inhaalmanoeuvre. Het lijkt me niet zo moeilijk voor te stellen wat voor emoties dit bij me opriep. Zestien weken ziekenhuis met levensgevaar, nu vier weken in Lyndensteyn en al met al zal het een half jaar tot een jaar duren voor ik weer kan lopen. Een afschuwelijke toestand die ik niemand gun. Het ergste is nog dat Loes overleed. Waarom gebeuren zulke ongelukken? **Waarom brengen mensen andermans leven in gevaar?**

Beetsterzwaag. **Hanneke Nota. Medisch onderzoek**

Als reactie op het ingezonden stuk dd 27-1-'88 van de heer T. Tiemersma jr., geeft het district Friesland van de Landelijke Huisartsen Vereniging hierbij gaarne een overzicht van de per 1-1-'88 geldende door de overheid/COTG (is: Centraal Orgaan Tarieven Gezondheidszorg) vastgestelde tarieven: Consult / 28,50; visite / 42,75; kleine keuring (rijbewijskeuring) / 85,50; grote keuring (levensverzekering/sollicitatie-keuring) / 128,25. Voor een telefonisch consult, laboratoriumwerk of een herhalingsrecept wordt eveneens het consulttarief in rekening gebracht. Het door de heer Tiemersma jr. genoemde tarief van / 85,50 voor een rijbewijskeuring is dus correct.

Leeuwarden. **Drs. G. M. van Manen, directeur Vereniging Ondersteuning Huisartsen Friesland.**

## Hoofd mestbank

Dêr stie my sneon yn ús âld Ljouwerter in adfertinsje fan de moderne tiid: „Gevraagd een hoofd van de mestbank”. In moderne opset sa te sjen: grutte adfertinsje, romme beskriuwing en ek al in vignet. Fjouwer kromme streekjes. It slacht nearne op, wat sis ik: it liket net iens op stront. Hiene se dêr no net wat oars foar betinke kind? Bygelyks in knap-rûne kowerêch mei de sturt ôf...

No, dat liket oars, watte? Of in prachtige dûnkergriene koweflat sa't jo dy simmers yn't lân lizzen sjen kinne. In skitterend gesicht, moai foarme: rûn mei in soarte fan útglieden middenstip deryn. Ploep, dêr bin ik al!

In strontbûtser hie ek wol tapaslik west, as byld út earmer tiden. Ik wol gjin strontstiker lykje, mar dit hie wol hiel oars kind. Ik fyn dit gjin strontding. Dit vignet stiet as in flagge op in strontpream. Hie der bygelyks mar in rynskladen mjukskroade delset mei fiks strie der oerhinne, in lytse Gurbe dêrby om myn part. Dan jout it klearbare jarre. Mar te let, it vignet is der al.

En wa komt no foar sa'n funksje yn 'e beneaming? Se sykje ien mei fêrstân, dat is al in gelok fansels. HBO-oplieding, eh toe mar. In heldere kop dy't him (of har, want it kin ek in frou wurde) gjin stront yn 'e eagen smarre lit en dy't ek gjin stront yn 'e earen hat. En foar de Fryske boer sil it belangryk wêze dat er hiele Nederlân net troch inoar mjukset. **Strontproblemen oereidzje is bêst, mar net nei út kant, tinke wy hjir.**

It lean wurdt net neamd, mar dy't net donget, dy't net ponget, dat it Lânbouskip set der fêst in stik jild foar oer. It sil tink ik ien wêze moatte mei kantoarûnderfining, dy't pepieren fan oarderdingen en regels goed op in rij krije kin. Want dat kantoar moat fansels net allinne mar ien pepierwinkel wurde, dy't nei in jier wol út mjukse wurde kin. Faaks wie it in funksje foar in wethâlder of in

Keamerlid: ûnderfining mei yn stront om te rieden is in pree.

Ik leau net dat it Frysk passyf of aktyf behearske wurde hoecht. Nee, dizze post wurdt wol beset, ik ha gjin need. Oars hie 'k sels... no nee tanke, hear!

Aldegea (W.). **H. de Boer.**

## Vrienden van ganzen

Hoewel de jacht is afgelopen zou ik toch nog even willen reageren op de jagersverhalen van vorige week (LC 29-1 en 30-1). Wanneer ik het verhaal van „Ganzejager” goed heb begrepen is hij van mening, dat er te veel ganzen zijn en dat er best wat geschoten mogen worden. Wanneer bewezen is dat het aantal overwinterende ganzen te groot is en dat de vogels schade aanrichten, dan zou ik willen voorstellen de ganzen te vangen door middel van flappen. Dit heeft de volgende voordelen: Er zijn geen aangeschoten ganzen meer, die lood in het lichaam hebben; er komt geen lood meer in het milieu en de beschermde ganzen kunnen beter worden geselecteerd. Wat het laatste betreft schijnen er nog steeds ganzen te worden geschoten, ook als dit volgens de Jachtwet is verboden. De geflapte, nog levende ganzen kunnen onder de jagers worden verdeeld. Waarschijnlijk zal dit niet de bedoeling zijn van de jagers, daar deze van mening zijn, dat natuurbeheer samen moet gaan met geweergeknal cq jachtgenot. Daar de problemen van de overwinterende ganzen onoverzichtelijk blijven meen ik nog eens te moeten pleiten voor een Vereniging van Vrienden van de Ganzen. Er kan dan geprobeerd worden een goede oplossing te vinden.

Leeuwarden. **A. Beetstra.**

## Tevreden Akkrum

Kortgeleden stond er een ingezonden stuk in de LC onder de kop „Arm Akkrum”. De inzender, de heer J. J. Schilstra uit Bergen (NH), had blijkbaar medelijden met ons Akkrumers en dat kunnen wij hier slecht verdragen. Hij is zeer slecht te spreken over het grote bankgebouw en het nieuwe postkantoor in ons dorp. Wat het eerste betreft, dat vinden we helemaal niet slecht en het is in onze ogen een goed, modern gebouw. Het staat in het centrum, is van alle kanten gemakkelijk te bereiken en is zeer doelmatig ingericht. Het personeel dat er moet werken gaat er elke dag met genoegen naar toe. Ook de klanten die er dagelijks komen hebben niets dan lof over dit kantoor. Aan de zijkant is er zelfs nog een parkeerplaats voor de auto's van het personeel.

Wat het nieuwe postkantoor betreft heeft de inzender wel gelijk; het lijkt van buiten af gezien meer op een boereshuur dan op een kantoorgebouw. Maar het is van binnen gerieflijk ingericht en voorzien van allerlei snufjes. Men wordt er prettig geholpen en als het druk is en de mensen even moeten wachten, dan staat er een bank waarop men even kan plaats nemen. Het personeel dat er dagelijks moet werken heeft niets dan lof voor dit gebouw. Wij hebben hier al twee zeer fraaie gebouwen, namelijk Coopersburg en Welgelegen. Laten wij dit slechtere dan maar op de koop toenemen en ons niet door een onrustzaaier van buiten af van de wijs laten brengen. Wij leven hier genoeglijk en tevreden in ons mooie dorp en dat zal altijd zo blijven.

Akkrum. **A. de Vries.**